

**SAMENVATTING GESPREK GEHOUDEN OP MAANDAG 21 OKTOBER 2013 VAN  
15.00 – 16.00 UUR IN DE KAMER VAN DE BURGEMEESTER IN HET  
GEMEENTEKANTOOR TE MENAAM**

**Underwerp: multifunctioneel centrum Beltsum**

Oanwêzich                fan de side fan de wurkgroep MFC:  
                              de hear E. Jansen  
                              de hear J. v.d. Graaf  
                              de hear M. Kalma

                              fan de side fan de gemeente:  
                              de hear T. van Mourik  
                              de hear J.H. Dijkstra

De hear Van Mourik iepenet de gearkomste en jout oan dat dizze gearkomste hâlden wurdt op fersyk fan de gemeente om foar te kommen dat der ferkearde ferwachtings wekt wurde kinne nei it doarp ta.

De hear Jansen jout oan de hân fan in tal sheets in taljochting op de plannen om te kommen ta in multifuksjoneel sintrum yn Berltsum.

Der wurdt yngongen op de folgjende ûnderdielen:

- it doel;
- de finansiering: kosten + ynkkomsten;
- de eksploitaasje;
- de ferfolchstappen.

Neist de gebrûkljike bydrage fan 33% yn it ramt fan de subsydzjeferoardening wurdt de gemeente ek in bydrage frege yn de kosten fan de oankeap fan 3 fan de 6 oerbliuwende opstallen; it giet dan om de Klinker, it Griene Krúsgebou en de Krútsjerke; it Piipskoft, it Hûnenêst en It Heechhout wurde konform de ôfspraken werom levere oan de gemeente.

It doel is te kommen ta in behearsstifting dy't eigner wurdt fan it gebou en in stifting dy't harren dwaande hâlde sil mei de eksploitaasje.

De hear Van Mourik seit dat de gemeente yn it ferline ek bydragen ferstrekt hat oan de doarpshuzen yn Marsum, Boksum en Ingelum. Itjinge no yn de dekking oanjûn wurdt is net fergelykber.

Mei klam wiist hy derop dat it fanút it gesichtspunt fan de gemeente de finansiering noch gjin "gelopen koers" is en dat dit yn it ferline hieltyd wer kommuniseard is.

Mooglik dat der fanút gemeente noch kontakt mei de wurkgroep opnommen wurdt om de ferskate sifers nochris djipgeand troch te nimmen.

Ek wiist Van Mourik op de mooglik planologyske gefolgen.

De gearkomste wurdt ôfsluten mei de konstataarring dat:

1. der op 7 novimber oanstearde mear dúdlikens is oer de kar fan it Griene Krús en de tsjerkeried; dêrnei is it momint om de riedsfraksjes te benaderjen;
2. fan de side fan de gemeente in foarriedige réaksje jûn wurde sil op it sifermateriaal.

Menaam, 23 oktober 2013.

J.H. Dijkstra.

n.b. de sheets binne taheakke; der wurdt frege om de sifers oant 7 novimber 2013 fertroulik te behandeljen.